



De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. In sterke gearwurking mei it ûnderwiis fine wy essinsjeel foar in moaie takomst fan de Fryske taal. Foar it kommende jier sykje wy in:

PROJEKTMEIWURKER UNDERWIIS

foar 24 oeren wyks

Mei dy wolle wy de gearwurking mei it primêr ûnderwiis en it beropsûnderwiis fersterkje en oansprekkend materiaal (troch)ûntwikkelje dat rjochte is op it taalbewustwêzen fan learlingen en studinten. Tagelyk wolle wy learkrêften en dosinten goed ynformearje oer it besteande aanbod en begeliede by it stal jaan fan harren programma. Yn 'e mande mei de oare teamleden, learkrêften en dosinten silsto lessen en programma's úttinke, skriuwe, útprobearje, oanpasse en ymplementearje.

Wat is dyn profyl?

- do hast in mbû-/hbû-wurk- en -tinknivo
- do fielt dy thús yn it ûnderwiis en fielt oan wat de mearwearde is fan de Fryske taal
- do hast ûnderfining mei it skriuwen fan teksten foar in breed publyk
- do behearskest it Frysk en it Nederlânsk mûnling en skriftlik
- do bist kreatyf, pro-aktyf, hast fernijende ideeën, wurkest selsstannich mar sikest ek de gearwurking op, witst fan oanpakken en hast each foar detail.

Wat biede wy dy?

- do krijst in tydlik tsjinstferbân foar in perioade oant 31 desimber 2022 (ien jier en foar in part sykteferfanging)
- salaris neffens de CAO Welzijn & Maatschappelijke Dienstverlening, skaal 7

Hasto der nocht oan om mei ús it ferskil te meitsjen foar it Frysk yn it ûnderwiis, dan hearre wy graach fan dy! Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv *foar 13 desimber* nei Ciska Noordmans: ciska.noordmans@afuk.frl.

Foar mear ynhâldlike ynformaasje oer de fakatuere kinst kontakt opnimme mei Fokke Jagersma, projektkoördinator ûnderwiis: fokke.jagersma@afuk.frl, tel. 06-10324820.

Sollisitaasjepetearen sille holden wurde op tongersdei 16 en freed 17 desimber.



Us wurksumheden binnen it ûnderwiis hawwe plak binnen de brede gearwurking Taalplan Frysk 2030.